



Creyentes Bíblicos de la Gracia
Grace Bible Believers

www.badnewsgoodnews.net
info@badnewsgoodnews.net

Apartado 143
29631 Arroyo de la Miel (Málaga)
ESPAÑA / SPAIN
Tel.: (+34) 636 993 444

=====

Romeinen 3:23-25

Want allegearre hawwe sûndige en komme tekoart oan de hearlikheid fan God, en wurde om 'e nocht rjochtfearde troch syn genede, troch de ferlossing dy't yn Kristus Jezus is;

wa't God foarsteld hat ta in soenoffer troch it leauwe yn syn bloed, ta in bewiis fan syn rjochtfeardeichheid, troch de ferjouwing fan de sûnden, dy tefoaren bard wiene ûnder Gods ferdraachsumens,

1 Korintiërs 15:2-4

dê't jimme ek troch behâlden wurde, as jimme it wurd fêsthâlde dy't ik jimme ferkundige haw. Oars soenen jimme omdôch leaud hawwe. Want ik haw jimme yn 't earste plak oerlevere,

wat ik sels ek ûntfongen haw; dat Kristus foar ús sûnden stoarn is, neffens de Skriften en dat Er begroeven is, en dat Er de tredde deis opwekke is, neffens de Skriften;

2 Korintiërs 5:19,20

Want God wie yn Kristus de wrâld mei Himsels fermoedsoenjende, harren de sûnden net oanrekkenjende; en Hy hat it wurd fan de fermoedsoening yn ús lein.

Sa binne wy dan gesanten foar Kristus, om't God troch ús fermoannet: wy smeeke yn Kristus' namme: Lit jimme mei God fermoedsoenje!

Galatiërs 2:8,9

want Hy dy't yn Petrus wurke ta it apostelskip fan de besnijenis, wurke ek yn my ûnder de heidenen; en doe't Jakobus en Cefas [Petrus] en Johannes, dy't foar pylders oanmerken waarden,

de genede bekenden, dy't my jûn is, joegen sij my en Barnabas de rjochterhân fan mienskip, dat wy nei de heidenen gear soenen en sij nei de besnijenis.

Efeziërs 3:8,9

My, de allermiste fan alle hilligen, is dy genede jûn om de heidenen de net-te-bedjipjen rykdom fan Kristus te ferkundigen,

en oan it ljocht te bringen, hoe't de beskikking is fan de ferburgenheit, dy't sûnt ieuwen ferburgen west hat yn God, dy't alle dingen skepen hat,

Filippiërs 2:14-16

Doch alles sûnder krimmenearjen en striderij, dat jimme ûnbesprutsen en ûnbedoarn wêze meie, bern fan God dêr't neat op te sizzen falt mids in út it lead slein en falsk skaai,

dêr't jimme ûnder ljochtsje as stjerren yn 'e wrâld, mei't jimme it wurd fan it libben heech hâlde, my ta in rom op 'e dei fan Kristus, om't ik net om 'e nocht draafd en om 'e nocht arbeide haw.

Kolossers 3:1-3

As jimme dan mei Kristus opwekke binne, sa sykje de dingen dy't boppe binne, dêr't Kristus is, sittende oan Gods rjochterhân.

Betink de dingen dy't boppe binne, net dy't op 'e ierde binne. Want jimme binne stoarn, en jimme libben is mei Kristus ferburgen yn God.

1 Tessalonikers 4:16,17

Want de Hear sels sil mei in befeljende rop, mei it lûd fan in aartsingel en mei Gods bazún delkomme fan 'e himel; en de deaden yn Kristus sille earst opstean;

Dêrnei sille wy, de libbenen dy't oerbleaun binne, tagelyk mei harren yn 'e wolken opnommen wurde, de Hear temjitte yn 'e loft; en sa sille wy altiten mei de Hear wêze.

2 Tessalonikers 1:8,9

mei lôgjend fjoer folle wraak dwaande oer harren, dy't God net kinne, en oer harren dy't it evangeelje fan ús Hear Jezus oerhearrich binne;

Sy sille as straf betelje in ivich ferdjer, fier fan it antlit fan de Hear en fier fan de hearlikheid fan syn macht,

1 Timoteüs 1:15,16

Dit is in wier wurd en folslein oannimlik: Kristus Jezus is yn 'e wrâld kommen om sûnders te behâlden; en dêr bin ik de foarnaamste fan. Mar dêrom mocht my barmhertichheid barre,

dat Jezus Kristus yn my, de foarnaamste, al syn lankmoedigens sjen litte soe, ta in foarbyld foar harren dy't dêrnei yn Him leauwe sille ta it iviche libben.

2 Timoteüs 2:15

Doch dyn bêst om dysels betroud te toanen foar God, as in arbeider dy't him oer syn wurk net hoecht te skamjen, dy't it wurd fan 'e wierheid rjocht snijt.

Titus 3:5,6

en Hy hat ús ferlost, net om de wurken yn gerjochtichheid, dy't wy dien hawwe soenen, mar nei syn barmhertichheid,

troch it bad fan 'e werberte en de fernijing fan de Hillige Geast. dy't Er oerfloedich oer ús útgetten hat troch Jezus Kristus, ús Ferlosser.